

14 maart 2017

Achte bestjoer, achte útjouster, achte oanwêzigen

Net faak haw ik my nei it setten fan de lêste punt fan in tekst sa ferromme field as doe't ik it typoskript fan de libbensskets fan Postma ôf hie. Mear ferromme, omdat it kerwei berêden wie lykwols as tefreden oer it resultaat, mar dêr moatte oaren letter mar wat fan sizze.

Op healwei sawat, doe't ik yn 'e rekken krige, dat it ferhaal folle langer wurde soe as de 80 siden, dêr't ik fan tsjin it bestjoer fan it Obe Postma Selskip sein hie, dat it wol sawat wurde soe, bin ik begûn ris op te skriuwen, wêrom't it sa moedsum gie en wêrtroch it allegearre sa lang duorre. Ik begriep doe, dat ik ek al in hiel lange skiednis mei Postma en syn wurk hie. Ik haw doe by wize fan in

'Persoanlik foaropwurd fan de skriuwster' ris opskreaun, wat ik allegearre al mei Postma belibbe hie yn de rin fan de jierren.

Dat persoanlik foaropwurd waard te persoanlik om it yn it boek te brûken. Us foarsitter hat der in koarte gearfetting fan makke en dy is no as 'Neiskrift' opnommen. Nochris betanke dêrfoar George en ek foar de noflikke gearwurking by it sykjen nei gaadlike yllústraasjes, dy't it in bytsje lucht bringe koene yn it gehiel, dat oars faaks wol wat te bot in brij fan wurden west hie.

En no't ik dochs dwaande bin, wol ik ek myn co-auteur Geart van der Meer betankje foar de soarch dy't er oan myn tekst bestege hat om dy parseree te meitsjen en it wurk dat er dien hat yn it oerlis mei Elikser. Hy wie de ferbiningsman mei de útjouwerij en net ien tekst mocht dêrhinne, dêr't net earst syn kritysk each oer gien wie. Dat hat him in protte tiid en ynspanning koste en alhiel sûnder argewaasje koe it ek net ferrinne, want it wie fansels sinnich, krekt en pitertuerlik wurk.

Ik kom no op de foarskiednis fan it boek, sa't it der no leit en dat is tagelyk de skiednis fan wat wol myn 'relaasje' mei Obe Postma neamd wurde kin. By dat wurd heart in lytse anekdoate. Doe't ik yn 1978 krekt nei it ferskinen fan de *Samle fersen* ris op in jierdeibesite de keamer fol minsken by ús buorfrou ynritten kaam, stelde hja my oan har mem foar mei de wurden: 'Sjoch mem, dit is dy frou fan Obe Postma!' Ik leau, dat hja it boek doe krekt krige hie en ik haw har kwalifikaasje mar as in komplimint opfette.

De libbensskets fan de dichter Obe Postma hat lang ûnderweis west. Sûnt myn wurkjen oan de útjefte fan de *Samle fersen* as nr. 2 yn de Holder-rige fan de Fryske Akademy haw ik my geregeldwei mei de man en syn wurk dwaande hâlden. Neidat ik as lid fan in kommisje de redaksjonele besoarging fan de *Samle fersen* fan Fedde Schurer (it boek dat as nr. 1 yn 1974 yn de Holder-rige ferskynde) foltôge hie, waard my troch it bestjoer fan de literêre rigen fan de Akademy frege om in nije útjefte fan Postma syn samle wurk te besoargjen. Mei help fan Freark Dam (FLMD) en Philippus Breuker (FA) koe dat projekt yn 1978 ôfrûne wurde.

It literêrhistoarysk wurkferbân fan de Fryske Akademy, dêr't ik doedestiids foarsitster fan wie, organisearre dêrnei yn 1982 in rige lêzingen oer ûnderskate aspekten fan it wurk fan Postma. Ik haw doe sprutsen oer de farianten yn ferskillende útjeften fan syn fersen, in ûnderwerp, dat ik letter noch útdjippe haw yn in artikel foar *Speculum Frisicum*, de bondel dy't Philippus Breuker yn 2001 oanbean waard by syn ôfskie fan de Leidske universiteit en – nei 25 jier by dat ynstitút wurksom west te hawwen – ek fan de Fryske Akademy.

Yn de tiid dat de belangstelling foar Postma in oplibbing krige troch de nije útjefte fan syn *Samle fersen* en alles wat dêromhinne barde – ik neamde allinne de dingen dêr't iksels mei anneks west haw, mar benammen yn de tydskriften waard doe in soad oer Postma skreaun – yn dy snuorje haw ik in skoftlang fan doel west om oer syn poëzy in dissertaasje te skriuwen en yn Grins te promovearjen, mar ik haw dat plan om persoanlike reden wer opjûn.

Dêrnei kamen foar my de besoarging fan de *Samle fersen* fan Piter Jelles Troelstra (yn 1981 ferskynd) en fan Sjoerd Spanninga. Oan dy lêste útjefte, dy't yn 1992 ferskynd is, haw ik ek lang wurke, omdat de redaksje fan de rigen my frege hie om ek de ynliding te skriuwen en ik dat in dreech kerwei fûn. Boppedat hie ik yn 1986 in folsleine baan by it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) krige, sadat der minder tiid foar oar wurk oerbleau.

As lid fan in wurkgroep dy't de betinking fan de fyftichste stjerdei fan Nynke fan Hichtum yn 1989 tarette, moast ik my ûnderwilens ek fertroud meitsje mei har libben en wurk om de lêzing dy't J.J. Kalma dêroer hâlde soe, oernimme te kinnen as hy fanwege syn sûnens dat net mear waarnimme koe, wat spitigernôch ek sa útkaam. Dy lêzing hie grutte gefolgen, want net allinne haw ik op de stúdzjedei oer it libben fan Nynke fan Hichtum ferteld, mar ik waard dêrnei ek rûnom frege om dat ferhaal nochris te dwaan en sa reizge ik sa'n 150 kear mei 'Nynke' nei allerhanne kritten, ferienings, frouljusorganisaasjes, stúdzjerûnten en gean sa mar troch, meast yn Fryslân, mar ek wol fierder fan hûs. Uteinlik is dêr yn 1997 har romantisearre libbensferhaal yn boekfoarm ûnder de titel *De oare helte* fan oerbleaun mei de oersetting yn it Nederlânsk troch Femke Bijlsma ûnder de titel *Eigen waarde* yn 2000.

Yn dy jierren wie Postma by my wat op de eftergrûn rekke, mar mei't it FLMD syn rige 'Skriuwers yn byld' útwreidzje woe en der – mei troch de grutte oan him wijde útstalling yn 1978 – al gâns byldmateriaal oer him sammele wie, waard Postma útkeazen om in skriuwersprinteboek oan te wijen. As diel 6 yn de rige kaam it út yn 1997, fyftich jier neidat de dichter - as earste – de Gysbert Japicxpriis krige hie. It waard mei help fan Andrys Stienstra gearstald troch Philippus Breuker dy't de measte ideeën levere en de ynlieding skreau en my, dy't it materiaal by inoar swile, it redaksjonele wurk die en de teksten foar de byskriften makke. Yn itselde jier kaam de redaksje fan *Trotwaer* mei in spesjaalnûmer, dat oan Postma wijd wie ûnder de titel 't *Hat west, it is. De aktualiteit fan Obe Postma*. Dêrfoar makke ik in ynvintarisasje fan it saneamde 'Nachleben' mei as titel: 'Obe libbet'. Mei dat notearjen fan plakken dêr't Postma en syn poëzy noch op fuortlibje, bin ik noch in skoft ûnder deselde titel trochgien yn *Op 'e hichte*, it Freoneblêd fan it FLMD. Tagelyk mei it skriuwersprinteboek en it spesjale Postmanûmer fan *Trotwaer* waard op in feestlike middei yn de Harmonie de twatalige blomlêzing *Van het Friese land en het Friese leven / Fan it Fryske lân en it Fryske libben* presintearre, gearstald troch Philippus Breuker en mei oersettings fan Jabik Veenbaas, in útjefte, dêr't it FLMD wol tige by belutsen west hat, mar iksels mar sydlings.

Troch dizze en oare projekten waard de belangstelling foar Postma fannijs wer breder en ien mei oar makke ek, dat der ferlet field waard fan in nije útjefte fan syn *Samle fersen* yn de saneamde 'Steatestavering', dy't yn 1980 ynfierd wie. De redaksje fan de Holderrige (dêr't wy doe beide diel fan útmakken) frege Philippus Breuker om in nije ynlieding te skriuwen en my om de besoarging op my te nimmen. Mei't ik mei yngong fan 2003 ôfskie nommen hie fan it FLMD, wie it in moaie opdracht dy't my helpe koe om myn tyd tenei net yn liddichheid te ferdwaan.

Myn man en ik fêstigen ús yn 2003 yn Frankryk en doe't wy dêr – oars tige nei 't sin – ienris te stoel en te bank wiene, krige ik dochs it gefoel, dat ik te jong wie om hielendal op te hâlden mei it wurk en miskien noch wolris wat grutters ûndernimme kinne soe. Doe ûnstie it idee om it âlde plan om op Postma te promovearjen fannijs op te pakken. Breuker wie ree om as promotor te fungearjen en ik sette fol entûsjasme út ein. Net de poëzy, mar it libben fan Postma soe diskear it ûnderwerp fan myn dissertaasje wêze. Dat wie in idee fan myn promotor dy't miende, dat ik wol in biografy skriuwe kinne soe, omdat ik oer Nynke fan Hichtum al in soarte fan 'vie romancée' levere hie. Dat joech my yn it begjin wol de moed om it kerwei op my te nimmen, mar earst moast de nije edysje fan de *Samle fersen* fansels noch reemakke wurde. Safier wie it yn 2005 en no't ik faak en folle mei dat boek wurkje, moat ik sizze, dat ik sûnt 1978 wol gâns byleard hie. Alhielendal sûnder wryt en slyt is it net, mar as neislachwurk foar de teksten foldocht it my tige. Mei't ik dy allegearre op 'e pc hie, haw ik no ek in moai bestân om sitaten te sykjen.

Myn ûndersyk nei Postma syn libben begûn ik mei it ynfieren fan alle brieven dy't bewarre bleaun binne fan en oan him en ek dy bestannen fergemaklikje it sykjen nei data en feiten tige.

Nettsjinsteande it gemak fan dy ‘apparaten’ en de grutte nocht dy’t ik oan it sneupen yn de argiven hie, foel it wurkjen oan de biografy my dochs swier en geandewei ferlear ik it fertrouwen yn in goeie ôfrin en in befredigjend resultaat fan alle ynspanningen.

Yn 2006 wie it Obe Postma Selskip oprjochte en op fersyk fan de inisjatyfnimmer Sybren van der Zwaag en de oanstifter en driuwende krêft Philippus Breuker kaam ik yn it bestjoer. Troch de ôfstân fan Frankryk nei Fryslân koe ik net alle bestjoersgearkomsten bywenje, mar ik koe wol bydragen skriuwe foar *De wjerklank*, in lêzing hâlde oer de opset fan de libbensbeskriuwing dy’t ik meitsje soe en helpe by de tarieding fan de reiskes. Ik ûntduts, dat sok koarte baanwurk my folle mear befrediging joech as it skriuwen oan de biografy dêr’t de ein noch lang net fan yn sicht wie. Ik ûntduts lyksa – en eins wist ik dat fansels ek wol -, dat ik mear in útsiker as in tinker bin, dat ik der wol graach efter komme wol, hoe’t de dingen gien binne, wol graach analysearje wol, wat der no krekt stiet yn in gedicht en betinke, wêrom’t Postma de dingen ûnder wurden brocht hat, lykas er dat dien hat, mar totaal gjin affiniteit haw mei de filosofy en dêr ek neat mei kin as it derom giet it libben fan de dichter te bedjipjen. Ik mis de kennis, mar ik haw der ek gjin niget oan om my mei de filosofyske eftergrûnen fertroud te meitsjen.

Om koart te kriemen: yn 2008 haw ik nei in protte gestin en geprakkisear it wurkjen oan de biografy oerjûn en my tagelyk foarnommen om in folle beheindere libbensskets te skriuwen foar de webside fan it Obe Postma Selskip. Dêr bin ik ek fuort mei begûn, mar doe’t de druk derôf wie, eine it kerwei as de sprekwurdlige lûs op in tarkwast.

Dat kaam ek trochdat my – fuort doe’t ik ‘frij’ wie, frege waard om in boekje te skriuwen oer de Stifting It Fryske Boek en om – en dat wie fansels in folle grutter kerwei – mei help fan Jelle Krol fan Tresoar de *Samle fersen* fan Douwe Tamminga te besoargjen. Tusken de bedriuwen troch koe ik foar de beide boeken mei histoarysk wurk fan Postma, *Veld, huis en bedrijf* (2010) en *It deistich bestean by âlds* (2015) typ-, omstaver- en oersetwurk dwaan. Underwilens waard troch it bestjoer fan it Obe Postma Selskip, dêr’t ik doe al gjin diel mear fan útmakke, in nij plan opset om de ûnderskate aspekten fan Postma syn libben yn biografyske stikken te beskriuwen. Philippus Breuker, Jan Guichelaar en ik soene yn ’e mande it libben en wurk fan Postma behannelje. Philippus soe oer de dichter en syn wurk skriuwe, Jan oer de natuerwittenskipper en learaar en ik mear algemien oer de libbensfeiten. Spitigernôch is dat plan net trochgien, omdat der gjin subsidzje te krijen wie foar in boek mei sa’n opset.

Ik ferfolge myn ferhaal foar it webstee, mar avensearre dêr net bot mei. Dat sadwaande wie it wol goed, dat it bestjoer fan it Obe Postma Selskip my yn ’e hjerst fan 2014 frege oft ik dochs noch net al myn oantekeningen, kaartsysteem en bestannen oansprekke wolle soe en in ienfâldige libbensskets skriuwe, dy’t ek sober útjûn wurde soe yn ien bân mei de *Wjerklank*-stikken fan Geart van der Meer oer de poëzy, dy’t hy dan foar de boekútjefte noch bewurkje soe.

Ik liet my oerhelje troch it argumint, dat it dochs skande wêze soe, as ik al dat wurk om gegevens te sammeljen om ’e nocht dien hie. En fierder troch it besef, dat ik op dy wize ek de mysels opleine plicht om foar it webstee ien en oar te formulearjen, noch neikomme koe. Dat it likegoed wer in hûdfol wurk wurde soe, hie ik earst net yn ’e rekken. It hoegde net te wiidweidich, net te detailearre, net echt wittenskiplik en net folslein, mar hoe giet soks? It moast fansels wol op in ferantwurde wize.

By de útrikking fan de Dr. Joast Halbertsma-priis dy’t yn 1954 oan Spahr van der Hoek en Postma takend wie foar *De geschiedenis van de Friese landbouw*, hat de dichter in rede hâlden oer Poëzij en wittenskip, en dêryn sei er, dat by it skriuwen fan poëzy de geast mear passyf en by it skriuwen fan wittenskiplike stikken de geast mear aktyf wie.

Yn syn eigen wurden: *By de earste moat it, om sa to sizzen, oer jin komme; men kin neat twinge, mar wurdt oermastere. By de lêste is it oars: men siket op hwat men hawwe wol en forbynt hwat men foun hat en bringt dêryn oarder en regel oan.*

Dat lêste is ek wat ik foar dit boek dien haw: opsykje, benammen yn it materiaal, dat ik al sammele hie, mei-inoar ferbine, wat ik yn de rin fan de jierren fûn hie en oarder en regel yn dy hiele massa feiten en feitsjes bringe.

Sadwaande hat myn bydrage no wol wat fan in plakboek. Om gjin ynformaasje ferlern gean te litten, dêr't ik tige flyt op dien hie om dy te finen, wurde guon ûnderwerpen, lykas de foarskiednis fan de famylje fan heite- en memmekant, wol slim wiidweidich beskreaun, wylst oare dingen allinne mar globaal behannele wurde. Dat lêste nammers gauris omdat oaren dêr al better en mei mear kennis fan saken oer skreaun hawwe as ik it dwaan kinne soe.

Benammen oer Postma as natuerwittenskipper, as filosoof en as skiedskriuwer is yn de Obe Postma-rige al safolle fêstlein, dat it my net nedich like om dat wurk nochris oer te dwaan. Dy tema's haw ik allinne behannele, foar safier't it nedich wie om in goed oersjoch fan Postma syn aktiviteiten yn in beskate perioade fan syn libben te jaan.

Ik haw wol in haadstik oer it plak fan de poëzy yn Postma syn libben taheakke, dêr't gegevens oer it ûnstean fan syn bondels yn fêstlein binne, mar ek wol wat mear sein wurdt oer de dichterskant fan Postma syn bestean.

In opfallend ferskil tusken hoe't Breuker en Van der Meer skreaun hawwe oer de gedichten en hoe't ik dat dien haw yn dit boek is, dat ik net sa bot ynteressearre bin yn de filosofyske en/of poëtikale aspekten fan de fersen, mar folle mear yn wat de ynhâld ús meidielt oer it libben fan de dichter. Ik wol graach útfine wa't bedoeld binne mei de persoanen dy't Postma neamt en wat dy foar him betsjut hawwe. Ik fyn it lykas Breuker wol tige nijsgjirrich om nei te gean, hoe't Postma beynfloede wêze kin troch it wurk fan de filosofen dy't er bestudearre hat en ik bin ek wol mei myn 'ko-auteur' iens, dat in gedicht op himsels besjoen wat foarstelle moat om in goed gedicht neamd wurde te kinnen, mar winliken giet it my dêr net om. As de kniper op 'e skine komt, fyn ik de man en syn libbensferhaal nijsgjirriger as syn fersen, wylst dy dochs de *conditio sine qua non* fan myn belangstelling foar Postma binne.

Hiel lang hat foar my de moaiste rigel út syn oeuvre west: 'As dit eigen libben bloeide / Nei syn aard, dan is it goed.' In minske hat mar ien libben en moat it dwaan mei syn eigen talinten. As jo dan as jo nei de fyftich rinne al sa'n wiisheid en berêsting fûn hawwe, dat jo sa'n 'rigel as in libbensmotto' skriuwe kinne, dan binne jo in bysûnder wize man, immen fan wa't ik graach mear witte wol. Foar de mistribele - it wurd is fan Poortinga, dy't in mislearre publikaasje fan Troelstra yn *It Beaken* fan 1957 'In mistribele muzykútjefte' neamde - foar myn mistribele dissertaasje hie ik as titel yn 'e holle: *Obe Postma (1868 – 1963), in libben bloeiend nei syn aard*. It docht my deugd, dat as oerkûpeljende titel fan dit 'dûbelboek' it lêste part dêrfan brûkt wurdt.

Foar dizze, ienfâldiger, libbensskets haw ik 'Al wat ik skriuw, dat is wier bard' as titel keazen, in dichtrigel fan Postma dy't better werjout, hoe't ik no te wurk gien bin. Postma is wolris 'in mûske' neamd en ik wit ek wol, dat net al syn útspraken yn poëzy alhiel letterlik nommen wurde kinne, mar wat de mear 'anekdoatyske' fersen oangiet - en sokke haw ik it meast brûkt - doar ik der wol op te fertrouwen, dat de dingen dy't de dichter dêryn meidielt, wol sawat sa west hawwe, as hy se fertelt.

Dat wie sa'n bytsje de foarskiednis en de eftergrûn dêr't dit boek tsjinoan sjoen wurde moat. No noch wat gegevens oer myn wurkwize:

Dit libbensferhaal is skreaun yn de tredde persoan op de wize fan de saneamde 'alwittende ferteller'. Dy foarm jout de suggestje fan objektiviteit, mar dat is mar sabeare, want yn wurkliheid giet it fansels om myn ynterpretaasjes, ideeën, opfettings en mieningen.

Nei myn gefoel is it ek mear in 'helpboek' foar lettere biografen wurden as in definitive skriuwersbiografy. Ik haw de stoffe yndield yn haadstikken, paragrafen en subparagrafen om it foar ûndersikers maklik te meitsjen om nei in bepaald aspekt te sykjen. Dêrta tsjinnet ek it nammeregister, dêr't ik graach fan alle neamde persoanen de jiertallen fan berte en ferstjerren by sykje wollen hie, mar dat blykte net binnen in reedlike tiid te realisearjen. Fan 'e wichtichste persoanen steane se lykwols wol yn de tekst.

It is net in boek wurden om fan kaft oant kaft te lêzen, mar mear om der yn om te sneupen, al haw ik wol besocht om der in trochrintend ferhaal fan te meitsjen en logyske ferbannen oan te bringen. Omdat ik der net fan útgien bin, dat minsken it hiele boek lêze, mar miskien faker wat opsykje oangeande in spesjaal aspekt, dat har ynteressearret, wurde guon dingen ek wolris twa kear ferteld, omdat se yn ferskillend ferbân nijsgjirrich binne om te witten.

Ik jou faak letterlik oerskreaune sitaten út benammen Postma syn brieven en ik haw dat dien omdat ynterpretearjend gearfetsjen altyd wat subjektyfs hat en de brûkers fan it hjir oanbeane materiaal dan lykwols noch nei de oarspronklike stikken werom gean moatte soene. Op dy wize lêst de tekst faaks wol wat minder maklik, mar de ynhâld fan de meidielings is betrouberder.

Postma sels hat de brieven fan syn freon Tsjitse de Boer oan de PB skonken, omdat er fan betinken wie, dat se in eventuele biograaf fan nut wêze kinne soene. Dat joech my it gefoel, dat er it net slim fûn hawwe soe, as er witten hie, dat ik syn brieven brûkte foar it skriuwen fan syn eigen libbensferhaal.

Yn 'e tekst wurdt faak ferwiisd nei gedichten fan Postma. De titels steane tusken skrapkes en it sifer, dat der tusken heakjes efterstiet sûnder fierdere boarnefermelding ferwiist nei it plak yn de *Samle fersen* fan 2005, dêr't se te finen binne. By oare ferwizingen wurde de titels fan de boarnen, of in part dêrfan en in sidenûmer opjûn. Behalve de *Samle fersen* moat de lêzer winliken ek it *Skriuwersprinteboek* út 1997 by de hân hâlde, dêr't folle mear foto's yn steane as no opnommen wurde koene en dêr't faak nei ferwiisd wurdt.

Lykas destiids mei myn Nynkelêzingen wurdt der oangeande Postma ek wolris tsjin my sein: 'Wat witte jo dêr in soad fan; dat soene jo ris opskriuwe moatte.' Hawar: de libbensskets dy't der no leit, is wat ik derfan wit, of mien te witten. En no hoopje ik mar, dat oaren der wat mei kinne en der wat oan hawwe om fierder te kommen mei har Postma-stúdzje.

Oan 'e ein fan dit persoanlike ferhaal wol ik al dyjingen betankje dy't my foarhinne en yn de lêste twa jier holpen hawwe mei it skriuwen fan it libbensferhaal fan Obe Postma. Ik bin elts dy't my holpen, oanfitere en bemoedige hat tige tankber. In pear nammen wol ik neame: alderearst Philippus Breuker, dy't my yn de jierren nei 2003 op 'en paad holpen hat en my mei rie en die bystien hat by it sammeljen fan gegevens. En fierder Doekle Elgersma en Nynke de Boer, beide famylje fan Obe Postma, dy't my oan materiaal holpen hawwe en my hyltyd fannijs ynspirearren mei ferhalen út de famylje, respektivelik fan de Postma- en de Riniakant.